



FERKIEZINGSPROGRAMMA | #GR26

ALV Broeksterwâld | november 2025 | **FRYSK**



EACH FOAR DYN TAKOMST

LÊSWIZER

Mei “Each foar dyn takomst” sjocht it CDA Dantumadiel foarút nei de bestjoersperiode 2026–2030. Wy bouwe fierder op wat goed is en pakke oan wat better kin. Mei-inoar wurkje wy oan sterke doarpen, goede foarsjenningen en in belutsen mienskip, mei hert foar minske, doarp en omjouwing. Nei it foarwurd folget yn dit programma hoe’t wy dat dwaan wolle. Alle haadstikken beljochtsje wichtige tema’s foar de takomst fan ús gemeente:

- **Sterke doarpen en leefberens** – ynvestearje yn doarpshuzen, skoallen, frijwilligers en feilichheid. Minder regels, mear rûmte foar lokale inisjativen;
- **Wenjen en bouwen** – rûmte foar betelbere wenten foar jong en âld, de gong sette yn bouprojekten en sirkulêr bouwen mei each foar duorsumens;
- **Soarch en wolwêzen** – soarch tichteby en rjochte op de minsken; minder burokrasy, mear betrouwen yn ynwenners, mantelsoargers en professionals;
- **Jeugd en ûnderwiis** – gelikense kânsen foar alle bern, sterke gearwurking tusken ûnderwiis, soarch en âlden, en omtinken foar wolwêzen fan jongerein;
- **Wurk en ekonomy** – stimulearjen fan lokale wurkgelegenheid, gearwurking mei ûndernimmers en ûnderwiis, en rûmte foar agraryske ynnovaasje en ferbreiding;
- **Mobiliteit en ynfrastruktuer** – feiligere wegen, goed iepenbier ferfier, behâld fan de belbus en omtinken foar ferkearsfeiligens yn doarpen en bûtengebiet;
- **Duorsumens en natuer** – ferantwurde omgean mei enerzjy en lânskip; gjin sinneparken op lânbougrûn, al dakken brûke en enerzjybesparring stimulearje;
- **Rekreaasje en toerisme** – fersterkjen fan rekreative rûtes en foarsjenningen dy’t passe by ús Fryske plattelânssfeer;
- **Finânsjes en bestjoer** – sûne finansjele koerts, rûmte om te ynvestearjen yn doarpen, en in betroubere oerheid dy’t docht wat er seit;
- **Tsjinstferliening en gemeentehûs** – modern en tagonklik, digitaal dêr’t it kin en persoanlik dêr’t it nedich is.

Sa biedt dit programma in dúdlik byld fan wêr’t it CDA Dantumadiel foar stiet: in leefbere, ferbûn en op ‘e takomst rjochte gemeente – foar elkenien, mei elkenien.

FOARWURD

Dantumadiel is ús thúis. In gemeente fan doarpen mei in sterke mienskip, rike kultuer, prachtige natuer en in eigen identiteit. Wy fine dat oare minsken hjir ek fan meigenietsje meie. Wy binne grutsk op ús Frysk karakter, ús tradysjes en it ûnderlinge ferbân dat minsken hjir mei-inoar hawwe. Elke dei wurdt hjir praat oan de keukenstafel oer wat goed giet en oer wat better kin. It hâlden fan foarsjenningen yn ús doarpen, it bouwen fan genôch betelbere wenten foar jongeren en jonge húshâldingen, it soargjen dat âlderein feilich en mei soarch yn eigen omjouwing âlder wurde kin, en it yn stân hâlden fan in leefber plattelân mei rûmte foar (agrarysk) ûndernimmerskip en duorsume ûntwikkeling. It CDA stiet foar in Dantumadiel dêr't minsken net oan 'e kant steane, mar midden yn 'e mienskip. In gemeente dêr't wy mei-inoar ferantwurdlikens nimme: foarinoar oer, foar ús leefomjouwing, en foar de takomst fan ús bern en bernsbern. Wy wolle ynfolling jaan oan de dreamen dy't der bestean om ús gemeente sterker en moaier te meitsjen.

Us Fysje

- **Mienskip foarop** – De krêft fan Dantumadiel leit yn ús doarpen en ferieningen. Wy jouwe rûmte en stipe oan ynisjativen út 'e mienskip;
- **Leefbere doarpen** – Elk doarp fertsjinnet goede foarsjenningen: skoallen, sport, kultureel libben en basisfoarsjenningen binne hoe dan ek tichtby, mar dy kinne net yn elk doarp. Berikberens, ek mei iepenbier ferfier, is in spearpunt;
- **Wenten foar eigen ynwenners** – Wy sette ús yn foar mear betelbere wenten foar jongeren, jonge húshâldingen en trochstreaming foar âlderein;
- **Sterke lokale ekonomy** – Fan agraryske bedriuwen oant lyts- en middelgrut ûndernimmerskip: wy steane efter minsken dy't wurk en wolfeart nei ús gemeente ta bringe;
- **Soarch en wolwêzen** – Wy steane foar in gemeente dêr't elkenien omtinken en stipe yn fynt as it libben dreech is; mei waarme soarch tichtby, foar jong en âld, droegen troch minsken dy't omsjogge nei inoar;
- **Duorsumens en natuer** – Wy stribje nei in balâns tusken natuer, lânskip en ûntwikkeling. Wy binne rintmasters: wy beheare wat wy meikrigen hawwe, sadat dit ek foar de takomst behâlden bliuwt;
- **Betrouber bestjoer** – In gemeente dy't tagonklik, earlik en dúdlik is. Gjûn grutte wurden, mar dúdlike dieden. *wy meikrigen hawwe, sadat it ek foar de takomst behâlden bliuwt.*

YNLIEDING EN ÚTGONGSPUNTEN

Mei dit ferkiezingsprogramma sjogge wy foarút nei de perioade 2026 - 2030. CDA Dantumadiel wol fierder bouwe op wat de lêste bestjoersperioade berikt is.



Wy sette de koerts troch: mei-inoar wurkje oan sterke doarpen, goede foarsjenningen en in belutsen mienskip, ticht by wat der by minsken thús libbet en spilet. Ut ús kristendemokratyske wearden wei dogge wy dat fatsoenlik, betrouber en mei each foar inoar. “Each foar dyn takomst” – mei hert foar minske, doarp en omjouwing.

Kommisjeleden en gearstallers CDA Ferkiezingsprogramma 2026 -2030
Sietze Wijbenga, Klaas Houtstra, Wietske Raap en Ytzen Dijkstra



STERKE DOARPEN EN LEEFBERENS

Us doarpen foarmje it hert fan Dantumadiel. Om se libben en leefber te hâlden, giet CDA Dantumadiel troch mei ynvestearjen yn foarsjenningen, doarpshuzen, sportakkommodaasjes en skoallen. Wy wolle takomstbestindige doarpskearnen dêr't minsken inoar moetsje kinne en mei-inoar aktiviteiten organisearje kinne. Wy stimulearje dêrby it selsorganisearjend fermogen fan frijwilligerswurk troch it oanbod fan opliedingen en kursussen te fasilitearjen. Tagelyk meitsje wy ús dêrby sterk foar it ferminderjen fan regeldruk en ûnnedige prosedueres út de gemeente wei.

As it giet oer asyl en yntegraasje pakke wy ús ferantwurdlikheid op foar de opfang út de spriedingswet wei passend neffens aard en skaal fan ús doarpen en ús mienskip. Opfang is net frijbliuwend, 'nije' boargers moatte sa gau as mooglik tangong krije nei wurk troch aktyf diel te nimmen oan taalprogramma's. Wy fasilitearje aktyf inisjativen dy't dêroan bydrage kinne, sadat nijkommers sa gau mooglik, mar yn alle gefallen binnen twa jier aktyf dielnimme kinne oan de mienskip.

In feilige mienskip giet fierder as allinnich it ynsetten fan hanthavenjen en plysje. De maatskippij sels hat ek in grutte rol om (sosjale) feiligens te garandearjen. Undermynjen taast ús demokratyske en maatskiplike struktueren oan en freget om in strange en effisjinte oanpak. Gearwurking tusken boargers en de oerheid bliuwt dêrby fan essinsjeel belang.

Wy wurkje oan takomstbestindige skoallen en doarpshuzen. Dêrby heart ek omtinken foar ferkearsfeiligens, goed ûnderhâld fan grien en trotwaars, en genôch boartersrûmte foar bern.

Binnen de gemeente Dantumadiel binne ferskate sportakkommodaasjes, sporthallen en brede skoallen (MFS'en) yn behear by ferskate stichtingen en organisaasjes. Om it behear en ûnderhâld fan dy foarsjenningen takomstbestindich, effisjint en ûndûbelsinnich te organisearjen, wolle wy ferkenne oft de oprjochting fan in gemeentlike BV "Sport en Behear" dêrfoar in gaadlike oplossing wêze kin. Dat frijwilligers oanhâldend in ûnfermindere wichtige rol spylje is helder.

WENJEN EN BOUWEN

Yn Dantumadiel moatte jong en âld in noflik plak hawwe om te wenjen, te wurkjen en mei-inoar te libjen; de wenningneed freget om oplossingen dy't generaasjes ferbine.

CDA Dantumadiel wol trochbouwe oan betelbere wenningen, starterswenningen en âldereinhofkes yn ûnder oare Damwâld, Feanwâlden en De Westereen. Wy stimulearje it brûken fan leechsteande (agraryske) gebouwen en splitsen fan grutte wenten ek.

It Mûnetilleterrein yn Damwâld is in konkreet foarbyld fan dêr't wy no bouwe wolle. Dêrneist stribje wy nei in aktiver grûnbelied om de wenningbou flugger gean te litten. Dat moat ekstra planfoarming mooglik meitsje om hielendal nije wenwiken te kreëarjen dy't ôfstimd wurde op ynwennertal en omfang fan de doarpen. Wy wolle yn dizze bestjoersperioade op syn minst 100 wenningen ekstra yn planûntwikkeling bringe. Sa hâlde wy ús doarpen – mei passende wenfoarmen en bou dy't past by it karakter fan ús streeklibben – ferbûn en klear foar de takomst.



SOARCH EN WOLWÊZEN

In fearkrêftich libben begjint tichtby. Elkenien fertsjinnet tagonklike soarch – betelle of ûnbetelle – en omtinken tichteby hûs. Mei hert foar inoar en each foar wat minsken echt nedich hawwe.

Elkenien moat rekkenje kinne op tidige, begryplike en tagonklike soarch. Minsken dy't help nedich hawwe, moatte net ferdwale yn regels.

CDA Dantumadiel stiet foar in maatskippij dêr't soarch persoanlik en berikber yn is. Dêr't professionals, frijwilligers en famylje it ferskil meitsje, dêr't âlderein en jongerein harren sjoen en stipe fiele, midden yn harren eigen doarp of buert. Ut dat gegeven wei wolle wy fierder bouwe oan mear betrouwen yn ynwenners en professionals, en minder burokrasy. Mantelsoargers en frijwilligers binne ûnmisber.

Sy fertsjinje stipe, bygelyks troch tydlike ferfanging of útstellerssoarch. Yn 'e mande mei organisaasjes lykas Dokwurk, Yfke, Sport Fryslân en de pleatslike tsjerken sette wy ús yn foar in mienskip dêr't net ien yn achterbliuwt, mar elkenien meidwaan kin. Wy rjochtsje ús op selsstannigens, moeting en fearkrêft, krekt wat elk minske nedich hat om folweardich diel te nimmen en meitsje ús sterk foar om foar goed belied te kiezen. Wy bouwe mei lokale partners fierder op wat goed giet.

Ynvestearje oan de foarkant betsjut besparje oan de achterkant. Preventive stipe komt swierdere soarch tefoaren, ferminderet kosten en fergruttet de kâns foar minsken om sels de rezjy te hâlden. Dokwurk hâldt in wichtige rol as it giet om helpen nei wurk. Dat freget net allinnich sosjaal, mar ek finansjeel ferstannich belied. Om dat duorsum wier te meitsjen sette wy ús yn foar in stabile, strukturele finansjele basis mei yngeande rapportaazje en ferantwurde besteging. Sa wurkje wy gear oan in takomstbestindige en effektive stipe foar elkenien yn ús gemeente.

It CDA Dantumadiel wol pleitsje foar in doarpeplan dat soarget foar in krigele en soarchsume mienskip dêr't wy mei-inoar yn taret binne op needsituaasjes. Krekt yn tiden fan krisis, as alles 'plat' leit troch in ramp, steuring of driigjende situaasje wolle wy dat nimmen oan syn lot oerlitten wurdt. It CDA wol dat ús mienskip selsredsum én ferbûn is yn de earste 72 oeren nei in needsituaasje.

JEUGD EN UNDERWIIS

Us jeugd fertsjinnet kânsen om him te ûntwikkeljen. CDA Dantumadiel wol ûnderwiis dat oanslút by de praktyk en by it libben yn ús doarpen. Alle basisfeardichheden, ynklusyf digitale feardigens freegje om oanhâldend omtinken. Goed lêze, skriuwe en rekkenje kinne, binne mei boargerskip kompetinsjes essinsjeel om mei te dwaan yn de maatskippij en fersterket de kânsegelikens foar elkenien. Ut Jeugd - en Underwiisbelied wei moat garandearre wurde dat mei it ferbinen fan jeugdhulp, ûnderwiisfoarsjenningen en oare stypjende tsjinsten gjin inkeld bern of jongere tusken wâl en skip falt. Mei in nij Yntegraal Hûsfestingsplan (YHP) stimulearje wy út de gemeente wei multyfunksjonele gebouwen dêr't regulier en spesjalisearre ûnderwiis – dêr't dat kin – safolle mooglik gearkomme, mei rûmte foar soarch en stipe ûnder ien dak foar koarte linen en fluggere help. Wy stimulearje de belutsenens fan âlden en paken en beppen.

Yn 'e mande mei berne-opfang en ûnderwiis stimulearje wy frijwillige belutsenens fan âlden en paken en beppen, bygelyks by foarlêseaktiviteiten of as plein- of oerstekhelp.

Wy fersterkje de oansluting tusken ûnderwiis en arbeidsmerk. De gemeente befoarderet nauwe gearwurking tusken ûnderwiisinstellingen en lokale wurkjouwers.

Wy sette ek yn op sport- en kultuerfoarsjenningen: elk bern moat bewege, sporte of muzyk meitsje kinne, nettsjinsteande it ynkommen fan de âlden, mei as doel om te wurkjen oan in sûne generaasje, mentaal en fysyk. Sa bouwe wy oan in maatskippij dêr't elk bern, jeugdige en jongfolwoeksene syn of har talint yn ûntdekke en benutte kin. Ut ûndersyk docht bliken dat in soad jongeren en studinten nei de koroanaperioade noch altyd in soad iensumens ûnderfine en dat fertsjinnet mear as trochsneed omtinken yn in gemeente mei in heech persintaazje jongeren. Ut de gemeente wei wolle wy derop ynsette om it wolwêzen fan dy jongerein te ferbetterjen.

WURK, EKONOMY EN AGRARYSKE SEKTOR

CDA Dantumadiel wol dat elkenien dy't wurkje kin, ek de kâns krijt om mei te dwaan. Wy stimulearje wurkgelegenheid yn ús doarpen en gearwurking mei lokale bedriuwen. Foar minsken mei in ôfstân ta de arbeidsmerk wolle wy in nij baneplan hawwe, yn gearwurking mei Dokwurk.

De agraryske sektor is in wichtige pylder fan ús ekonomy. Boeren krije de rûmte om duorsum te ûndernimmen lykas ús lokale ûndernimmers. Wy wolle better kontakt tusken gemeente en boeren, en mooglikheden foar boerecampings, streekwinkels en soarchbuorkerijen. Lokaal wolle wy skerp hawwe wat de heechwaardige lânbougrûnen binne, sadat wy dy konkreet beskermje kinne.

Dêrby meitsje wy konkrete ôfspraken en sette yn op de krêft en it ûndernimmerskip út de sektor sels wei. Boeren en túnkens nimme sels it foartou mei inisjativen dy't de wetter-, boaiem- en luchtkwaliteit en it lânskipsûnderhâld ferbetterje. Wy stimulearje en stypje ynnovaasjes en ferbreedzje foarmen fan lânbou, lykas natuerynklusive tylt, enerzjyopwekking en koarte stringen, dêr't de sektor syn takomstbestindigens mei fersterket.

Dêrneist leauwe wy yn in ekonomy dy't woartele is yn ús doarpen mei rûmte foar lju út it midden- en lytsbedriuw en fakminsken, en stipe foar ynnovaasje en duorsume groei. Troch gear te wurkjen tusken ûnderwiis, ûndernimmers en oerheid hâlde wy wurk tichteby hûs en biede wy jongerein takomst yn syn eigen regio. Dat ek de trochûntwikkeling fan bedriuweterreinen dêryn in wichtich ûnderdiel foarmet, hâldt ús boppegemiddeld omtinken. Wy pleitsje ek foar ûndersyk nei de mooglikheid om dat te realisearjen yn de direkte omjouwing en deunby de Sintrale As.

INFRASTRUKTUR EN MOBILITEIT

Feiligere wegen en goed iepenbier ferfier binne wichtich foar de leefberens. CDA Dantumadiel wol ferkearsplannen gauwer útfiere, wêrtroch't dy earder bydrage oan ferkearsfeiligens yn ús doarpen en it bûtengebiet. Fytspaden moatte breder en better ûnderhâlden wurde.

Wy wolle mear ferljochting foar de feiligens. Wy pleitsje ek foar carpoolplakken by de Sintrale As en in goed funksjonearjend skoalferfier yn de WMO. By ynkeap-en soarchsintra wolle wy neist de ynfalideparkearplakken ek âlder-bern parkearplakken realisearje.

Jobinder bliuwt fan grut belang foar it CDA Dantumadiel om't it ús ynwenners dy't minder mobyl binne dochs tagong jout ta basisfoarsjenningen, winkels, soarch en sosjale kontakten. Benammen âlderen, minsken sûnder eigen ferfier en wa't min op 'e gong is, binne ôfhinklik fan ferfierstsjinsten om selsstannich op harsels bliuwe te kinnen en aktyf meidwaan te kinnen oan it doarpslibben.

Elektrysk riden komt net fierder as in nobel stribjen by in te koart oan iepenbiere laadpeallen. Wy wurkje oan fluggere realisaasje fan mear laadpeallen binnen ús gemeentegrinzen.



DUORSUMENS EN NATUER

CDA Dantumadiel wol sunich omgean mei wat wy hawwe. Us natuer, lânskip, doarpen en greiden fertsjinje beskerming. Gjûn sinneparken op lânbougrûn, mar al sinnepanielen op dakken fan bedriuwen en wenningen. Neist wynmûnen op agraryske bedriuwslokaasjes steane wy ek iepen foar lytse wynmûnen op bedriuweterreinen.

Energjy besparje begjint by dysels. Wy helpe ynwenners by isolaasje fan wenningen en freegje hieltyd omtinken foar edukaasje oer duorsumens. Wy wolle energjyskanskans foar wenningen stimulearje, sadat alle boargers ynsjoch krije yn de mooglikheden ta ferduorsumjen en energjy te besparjen, mei ekstra omtinken foar betelbere oplossingen. Sa bouwe wy mei-inoar fierder oan komfortabele en takomstbestindige wenten dêr't gjinien by bûtensletten wurdt. Dêrneist stimulearje wy boargerinisjativen oangeande it ferduorsumjen en energjybesparjen. Om dat te berikken is goede foarljochting essinsjeel. Duorsumens begjint mei ynvestearjen yn edukaasje foar jong en âld, sadat elkenien – fan basisskoalle oant senioareferiening – leart oer energjybesparring en om duorsum te kiezen. Sa meitsje wy ynwenners fan Dantumadiel mei-inoar bewuster, energjysuniger en ferantwurdlik foar de eigen takomst.

Deselde ferantwurdlikheid jildt ek foar ôffalskieding.

Wy fine dat ôffalskieding in fanselsprekkend ûnderdiel wêze moat fan it deistich libben, thús, op it wurk en yn de buert. Troch mei-inoar ôffal te skieden en op 'en nij brûken te stimulearjen, drage wy by oan in skjinne libbensomjouwing, it ferminderjen fan fergriemen en it fersterkjen fan de sirkulêre ekonomie.



REKREAASJE EN TOERISME

Yn ús gemeente lizze doarpen, stikken lân lân en wetterpartijen dy't harren poerbêst liene foar rekreatyf-toeristysk gebrûk.

Nettsjinsteande it feit dat wy al grutsk wêze meie op wat der is, wol CDA Dantumadiel ynsette op fierdere ûntwikkeling fan rekreative kearngebieten en rûtes, rêst- en natuergebieten, aktyf bûtenlibben en ferbliuwstoerisme salang't dat, mei kwaliteitsbehâld fan lânskippen, passend is yn it aard en de skaal fan ús omjouwing.

Troch yn 'e mande mei ynwenners, ûndernimmers en partnergemeenten (ANNO-regio) de rekreative foarsjenningen te ûntwikkeljen, soargje wy derfoar dat Dantumadiel hjir regiofersterkend op ynset.

Sa bouwe wy mei dizze oanpak troch op in leefbere en fitale gemeente passend by ús Fryske plattelânssfear.



FINANSJEEL SÛN EN BETROUBER BESTJOER

In stabile finansjele basis is essinsjeel om ynvestearje te kinnen yn wat echt nedich is. Wy wolle strukturele kosten behearsber hâlde, en tagelyk rûmte hâlde foar ynsidintele útjeften.

CDA Dantumadiel kiest derfoar om it wjerstânsfermogen ferantwurde te ferleegjen fan tsien nei seis miljoen euro. Sa ûntstiet der mear rûmte om te ynvestearjen yn de fitaliteit fan ús doarpen en it fersterkjen fan sawol de ynfrastuktuer en wenten, as sport, kultuer, soarch, rekreaasje en moeting. Op dy wize bouwe wy mei-inoar fierder oan doarpen dêr't it goed libjen, wurkjen en gearkommen is.

Wy steane foar in betroubere en transparante oerheid. Minder prate, mear dwaan. En net allinnich sizze watst dochst mar ek dwaan watst seist. Wy wolle dat besluten flugger naam wurde en de gemeente slachfeardich bliuwt.

GEMEENTEHÛS EN DIGITALE TSJINSTFERLIENING

De takomst fan ús gemeentehûs freget om soarchfâldich kiezen. Wy riede in goed ûnderboud beslút ta oer de hûsfesting fan 'e organisaasje, mei omtinken foar tagonklikens en tsjinstferliening. It hjoeddeistige gemeentehûs yn Damwâld bliuwt wat ús oanbelanget behâlden as fertroud plak foar ús ynwenners, mar ek as wurkplak foar de amtlike organisaasje.

Dêrneist wolle wy de digitale tsjinstferliening fierder ferbetterje. Mar elkenien moat maklik saken regelje kinne, ek wa't minder digitaal feardich is. Wy geane troch mei ús yn te setten foar persoanlik kontakt en stipe dêr't dat needsaklik is.

MEI-INOAR FIERDER

Mei dit programma bouwe wy as CDA Dantumadiel fierder op wat goed is en pakke wy oan wat better kin. Wy leauwe yn de krêft fan ús doarpen.

Dantumadiel is in gemeente dêr't minsken nei inoar omsjogge, dêr't jong en âld meitelle, meidogge en oanhâldend meidwaan kinne.

Mei rûmte foar inisjatyf mei-inoar fierder bouwe oan in sterke, leefbere en ferbûne mienskip.

De oerheid moat tichteby en betrouber wêze: minder regels, mear fertrouwen. Wy wolle belied dat net fóar mar méi ynwenners makke wurdt. Wy bliuwe út ús kristlike identiteit wei trou oan ús wearden: **solidariteit, rintmasterskip, sprate ferantwurdlikens en publike gerjochtichheid.** Wy leauwe yn in takomst dêr't it plattelân leefber yn bliuwt; mei goede foarsjenningen, rûmte foar boeren en ûndernimmers, omtinken foar natuer en enerzjy, en sterke doarpen dêr't minsken nei inoar omsjogge.

De keukenstafel ferlittend lûke wy de doarpen yn mei de opdracht om mei-inoar wurk te meitsjen fan in moaier Dantumadiel – mei sterke doarpen, betroubere soarch en help tichteby, goed wenjen en wurkjen, en soarch foar minske, natuer en mienskipsjild.



27 LISTLÛKERS CDA DANTUMADIEL | 2026 - 2030

1. Hilbrand Visser – Damwâld
2. Sietze Wijbenga – De Westereen
3. Klaas Houtstra – Rinsumageast
4. Sietse Hilverda – Damwâld
5. Wietske Raap – Wâlterswâld
6. Johannes Postma – De Westereen
7. Griet Strikwerda – Feanwâlden
8. Ytzen Dijkstra – Driezum
9. Gerrie Visser – Broeksterwâld
10. Taeke Visser – Damwâld
11. Dennis Leistra – Feanwâlden
12. Broer van Kammen – Damwâld
13. Margriet Hiemstra – De Westereen
14. Henk van der Kooi – Feanwâlden
15. Peter Boersma – Wâlterswâld
16. Attje Meekma – Damwâld
17. Herre Boskma – De Westereen
18. Adrie Slomp – Feanwâlden
19. Tjitte Banga – Damwâld
20. Ruurdina Gros – Wâlterswâld
21. Tom de Jong – De Westereen
22. Douwe-Jan Sietsma – Damwâld
23. Wander Slomp – Feanwâlden
24. Aebe Aalberts – Damwâld
25. Roelof Bos – Feanwâlden
26. Albert van der Ploeg – Readtsjerk
27. Wiebe Strikwerda – Ljouwert





Dantumadiel

Hilbrand Visser

Each foar dyn takomst.

1